



→ 101126,FFUbrief...

Oan:

It Kolleezje fan Deputearren Steaten
en de leden fan Provinsjale Steaten
Provinsje Fryslân
Snekertrekweg 1
Postbus 20120
8900 HM Ljouwert

Ljouwert/Drachten, 26 nov. 2010

Underwerpen:

- a. ferplichting Frysk yn it middelber beropsûnderwiis (II) (punten 1-4)
- b. beropsstanderts foar (f)mbû-learaars en it Frysk (punt 5)
- c. it toetsen fan de Fryske kanon by pabû-studinten (punt 6)

Achte leden fan Provinsjale en Deputearre Steaten,

Op 1 septimber 2008 hawwe de *FFU*, de *VLLT seksje Frysk*, de *Ried fan de Fryske Beweging* en it *Pedagogysk Wurkferbân* fan de *Fryske Akademy* harren yn in wiidweidich brief ta de Fryske Steaten (DS en PS) rjochte mei it fersyk om wurk te meitsjen fan de *ferplichting* fan it Frysk yn it middelber beropsûnderwiis (mbû) as *fak*, as *ynstruksjetaal* en as *eksamenfak*. Wy hawwe de winsk útsprutsen dat it foech dêrta by de Provinsje Fryslân komt te lizzen (sjoch de bylage). Spitigernôch hawwe wy nea in reaksje fan de Provinsje hân oer wat der krekt dien is mei ús brief en ta hokfoar konkrete besluten en risseltaten oft dat úteinlik laat hat.

Wy binne no goed twa jier fierder en it oanbelangjende brief hat syn aktualiteit noch lang net ferlern. Underwilens leit der in rapport fan de saneamde ‘kommisje-Hoekstra’ mei oanbefellings oangeande it takomstige foech fan de Provinsje. De krekte ynhâld is ús op dit stuit (noch) net bekend.

Wy wolle jimme yn oansluting op ús brief fan 2008 lykwols it neikommende yn it omtinken jaan:

1. It hat bliken dien dat de Ryksoerheid noch altiten allinnich mar opkomt foar de belangen fan it Hollânsk (Nederlânsk), it Frysk foar de safolste kear deaswijt en alhiel gjin aksje ûndernimt om it plak fan it Frysk yn it ûnderwiis lykweardich oan dat fan it Hollânsk te meitsjen. En dat wylst in goede behearsking fan de Fryske taal fansels likegoed fan grut belang is om goed funksjonearje te kinnen yn de Fryske maatskippij as it Hollânsk dat hjoed-de-dei yn hiel Nederlân is.

De Ryksoerheid hat, om de posysje fan it Hollânsk yn it mbû te fersterkjen, der yn de ôfrûne twa jier foar soarge dat der *easken* steld wurde oan de feardigens yn dy taal en dat dy easken hantearre wurde yn toetsen en eksamens. De hege urginsje dy’t de Ryksoerheid oan in gâns better plak foar it Hollânsk yn it mbû takent, docht bliken út it feit dat der al yn 2013 *sintraal* (!) eksaminearre wurdt

yn de opliedings op nivo 4. Wy pleitsje foar in selde *hege urginsje* foar it plak fan it Frysk yn it mbû yn ús eigen provinsje.

2. It feit dat de Provinsje takom jier subysydze jaan sil oan it mbû (te ferlykjen mei de finansjele regeling foar it fuortset ûnderwiis) om wat te dwaan oan in better plak foar it Frysk (mear taalkunde) yn it mbû, wurdt troch ús út soarte tige wurdearre, mar it sil op termyn net tarikkend wêze om in lykweardich plak foar it Frysk te beskrepjen.

3. Dat de Provinsje sertifikaten jout oan learlingen as dy learlingen foldogge oan minimale betingsten op it mêd fan taalbehearsking (mûnlige basiswurdskeat) en sosjale feardigens (de twataligens fleksibel brûke kinne yn kommunikative en beropssituaasjes) is likegoed posityf te wurdearjen, mar de easken dy't oan it útrikken steld wurde, komme net yn de buert fan de easken dy't (aanst) oan de behearsking fan it Hollânsk steld wurde. De maatskiplike wearde fan sa'n sertifikaat sil dus (te) lyts wêze. It sertifikaat is net oan de Europeeske taalnivo's (it saneamde *Europeeske Referinsjeramt*) keppele en makket ek (noch) gjin ûnderdiel fan de offisjele kwalifikaasjestrúktuer út (ferl. bgl. de ynventarisasje *Frysk yn it mbû* [s.j.], s. 17).

De Provinsje liket it behyplike fan dy situaasje ek te sjen, omdat de Provinsje oanstiet op mear taalkunde (Frysk) yn it ûnderwiislearpakket. Salang't it Frysk (noch) net lykas it Hollânsk ferplichte is en op in lykweardige en soartgelikense falide, objektive en betroubere wize 'sintraal' toetst en eksaminearre wurdt, soe neffens ús in ûnôfhinklike kommisje besteande út minsken fan mbû-skoallen en saakkundigen fan bûten, dus fan ynterne en eksterne saakkundigen, de sertifikaten hifkje moatte op kwaliteit. In soarte fan akkreditaasje dus.

4. Wy binne fan betinken dat ús brief út 2008 en dit nije berop dat wy op jimme dogge, ek goed oanslút by de krytyk dy't in ûnderwiiskundige, de hear Auke Huistra, utere hat op in (diel)ûndersyk nei it Frysk yn it mbû fan noch net sa lang lyn en de rapportaasje fan de sifermjittige útkomsten dêrfan (*Frysk yn it mbû/Fries yn it mbo* [s.j.]). Underwilens is der noch mear sifermateriaal beskikber troch it ferskinen fan in ûndersyk fan frou Ans Wallinga (skripsje yn it ramt fan de Edukative Mastersoplieding Frysk oan de NHL/UOCC, 17 jannewaris 2010: '*Frysk op MBO GROEN fan AOC Friesland*').

Huistra konstataret yn in artikel yn *de Moanne* ('*Frysk yn it MBÛ*', nû. 5, juny 2010, s. 13) dat der blykber in *taalpolitike* oanlieding west hat om ûndersyk te dwaan nei it Frysk yn it mbû, mar dat it ûndersyk sels benammen fan *ekonomyske* aard is, nammentlik de fraach oft it bedriuwslibben *ferlet* hat fan 'meiwurkers op mbû-nivo dy't de Fryske taal passyf of aktyf yn 'e macht ha' (s. 4). As dat ferlet der is, dan is dat op himsels in falide argumint foar it fersterkjen fan it Frysk. It argumint is lykwols lang net tarikkend, benammen net as dat ekonomyske 'ferlet' ôffalle soe. It Frysk yn it mbû moat dus ek om oare reden legitimearre wurde.

Huistra fettet syn artikel gear mei in konklúzje dy't wy ek ûnderskriuwe: "De provinsje soe einlings ris kieze moatte foar it *primêr* hantearjen fan it taal-politike argumint foar it befoarderjen fan it Frysk, yn stee fan dat iderkear wer ûndergeskikt te meitsjen oan bygelyks it pedagogysk-didaktyske argumint (basisûnderwiis) of, sa as hjir yn it mbû, oan it ekonomyske argumint."

Omdat wy fan betinken binne dat it Ryk benammen *taalpolitike* arguminten hat en ek brûkt om it 'Nederlands' te ferplichtsjen yn it mbû, soene foar it Frysk taalpolitike beweechreden ek in gâns gruttere rol spylje moatte.

5. Oan de ein fan 2010 hat de *Stichting Platforms VMBO* (SPV) yn gearwurking mei de *Stichting Beroepskwaliteit Leraren* (SBL) in earste ferzje fan beropsstanderts foar de fmbû-learaar yn 'beroepsgerichte vakken' ûntwikkele. Wy soene ús foarstelle kinne dat soks ek bart foar it garandearjen fan in goed nivo fan it Frysk by learaars yn dy beropsfakken. En net allinnich foar it *fmbû*, mar likegoed foar it *mbû*. Dêrnjonken hat de SPV him ek útsprutsen oer registraasjekritearia. Untwikkelings dêr't wy, neffens ús, yn Fryslân by oanslute moatte as it om it Frysk giet.

6. Fierder liezen wy yn *de Volkskrant* (12-11-2010, s. 6) dat pabû-studenten fan takom jier ôf toetst wurde op harren histoaryske kennis. Oan de ein fan harren oplieding moatte se in (alwer!) *sintrale* toets oer de kanon fan de 'Nederlandse geschiedenis' ôflizze. Steatssikretaris Halbe Zijlstra die dêr in meidieling oer yn de Twadde Keamer by it ûnderwiisbegruttingsdebat. Pabû-studenten wurde oan it begjin fan harren oplieding al toetst op harren taal- en rekkenfeardigens ('taal' betsjut yn Haachsk jargon de feardigens yn it 'Nederlands'). Foar de studenten dy't yn 2011 begjinne, wol de steatssikretaris dêr in histoaryske eintoets oan tafogje.

It leit yn de reden dat pabû-studenten op de Fryske opliedings ek in 'sintrale' eintoets meitsje oer de okkerjiers reekommen *kanon fan de skiednis fan Fryslân*. Soks soe bydrage ta de ymplementaasje fan kêt 8.1.g fan it *Europeesk Hânfêst foar streektalen of talen fan minderheden*: 'regelingen te treffen om het onderwijs in de geschiedenis en cultuur die in die streektaal of de taal van de minderheid haar weerspiegeling vindt, te waarborgen'. Sa'n sintrale eintoets is de bêste garânsje dat der net mei 'sjoemele' wurdt. Underwilens soe de Provinsje sa gau mooglik mei de beide hegeskoallen oerlizze moatte oer de winsklikens om de Fryske kanon yn harren pabû-programma's (ûnderwiislearplan) op te nimmen.

Fansels binne wy as *FFU* ree en redendiel fierder mei de Provinsje oer boppesteande punten. Boppedat soene wy in ynhâldlike reaksje fan de Provinsje op dit nije brief en dat fan 2008 tige op priis stelle.

Mei rju achtinge,
foar de *Feriening Frysk Underwiis* (FFU),

drs. S.T. Hiemstra, skriuwer

Bylage:
- brief fan 1 sept. 2008